

Oan de Menamer rie.

Yn de Sweachster riedsgearkomste fan 28 july 1950 stelden b. en w. út, om fan de doarpsnamme Beets *Nieuw Beets* te meitsjen. 'Ho,'sei in riedsmearheid: *Nij Beets*. Mar it CPN-riedslid Dykstra woe fan gjin *Nij Beets* witte. Hy hie it hiele Marx-evangeelje derop neilêzen en gjin *Nij Beets* fine kinnen! Yn it lêst fan de tachtiger jierren kaam it ôfskaffen fan hollânske ierdrykskundige nammen op 'e glee. It giet oars stadich, mar wol wis. Yn dy tradysje soe de besteande Westergoawei yn it takomstige *Westergo* in soarte fan flage wurde op in strontpream.

It Bilt hat nea yn *Westergoa* lein. De namme Westergoawei paste net op Biltse grûn en dêrom hie de *wei benoarden Berltsum* in oare namme krige. En dochs kamen *ferline hjerst de rieden yn Frjentsjer en Menaam* mei de gemeentenamme *Westergo*. *It Bilt* soe dêr in part fan wêze. Mei besef fan de skiednis seine se yn *Stannebuurt*: 'Út noch yn gjin *Westergo*, wy binne ienriedich foar *Noardwest-Fryslân*'. En in *g*, *Westergoa*, sil nei alle wierskyn neat oan it Stannebuurtster betinken feroarje. De trije kolleezjes misten dat histoarysk besef. Wêrom't se ús Akademy net om goerie frege hawwe?

Dizze rie gie mei de 'wurknamme' *Westergo* akkoart. Gjin drokte om in tydlike namme foar mar goed fjouwer jier. De Stannebuurtster rie wie ienriedich foar de wurknamme *Noardwest-Fryslân*. Beswieren tsjin *Westergo* haw ik de trije rieden skreaun. Mar *Noardwest-Fryslân* is ek net sûnder wryt of slyt. Der sit neat gjin eigenens yn. Oare provinsjes kin men ek yn fjouweren ferpartsje. Drinte byg. yn *Súdwest*-, *Noardwest*-, *Noardeast*- en *Súdeast-Drinte*. Sadwaande myn fersyk oan dizze rie -en de beide oare- om in bettere namme te betinken.

Yn 1958 wiene der noch 15 gemeentenammen útgeande op '-deel', bygelyks, *Barradeel*, *East-Dongeradiel*, *Idaarderadeel*. 60 Jier letter, yn 2018, binne der noch mar 4 sokke gemeentenammen oer: *Dantumadiel*, *Dongeradiel*, *Ferwerderadiel* en *Tytsjerksteradiel*. Dêr steane ek noch in pear faai fan, dat by my kaam de namme *Peinzeradiel* op. (nei *Peins* by *Frjentsjer*) In Fryske namme, yn syn 'diel' mei it ferline ferbûn. It is in namme dy't, tink, sûnder taalstriid en sûnder ekstra kosten yn de nije rie mear hâld kriget as dat nuvere *Westergo*. Sa'n 'diel'-gemeentenamme is wol karakteristyk foar *Fryslân*: yn hiele *Nederlân-bûten-Fryslân* bestiet sa'n namme net.

As de trije rieden it nó sitte litte, dan moat de nije rie yn 2018 in drege kar meitsje: de ferkearde namme *Westergo* is 'fergees', in oare, goede namme is rattekrûddjoer. En alle riedsleden sille har efter it ear klauwe. De trije rieden fan nó kinne de rie fan dán dat dilemma besparje.

Dyksterbuorren, 5 juny 2014.
Postma.

Bertus Jans